

# Jierferslach 2008 Museum- en Dokumintaasjekommisje

Ik begjin mar mei goed nijs. Yn de rin fan dit jier hat de kommisje fersterking krigen yn de persoan fan Hendrik Porte út Huzum en dêr binne wy fansels tige mei ynnommen. Sels moast ik spitigernôch troch persoanlike omstannichheden oan de ein fan it jier ôfskied nimme fan de kommisje.

Bûten it reguliere wurk om wienen der twa bysûndere eksposysjes: 'Oranje Boppeslach', fanwege de keninklike besite op 30 april oan Frjentsjer, wylst de klassemintswinnere oer it jier 2007 de gelegenheid krigen om inkele moaie prizen en in foto fan harsels út te stallen. Dat foel foaral by de jongerein tige yn de smaak. Jan Suierveld hat kontakt mei frou Burgers fan de bibleteek út Arnhim foar in dêr yn de maitiid fan 2009 te hâlden útstalling oer 'Het kaatsen en zijn historie in de regio Gelderland'.

Oar goed nijs is dat ús fitrines op 'en nij yndield binne en in fleurige beklaaïng krigen hawwe. Der is yn gearwurking mei de Noardelijke Hogeschool Leeuwarden in nije DVD makke, mei sawol in Fryske as Nederlânske tekst mei útlis fan spulregels. Yn desimber 2008 binne wy mei frijwilligers úteinset om, yn gearwurking mei Tresoar, de fotokolleksje te digitalisearjen. Posityf wie ek de útrikking fan it bûnsynsynje oan Rein van der Geest. Hy krige, yn bywêzen fan famylje en freonen, dat earbetoan opspjelde foar alles wat er foar de keatsport út de wei set hat.

Om reden fan tiidgebrek is it ús minsken noch net slagge om in begjin te meitsjen mei de automatisear-

ring. Dat probleem is foarlein oan de bûnsdirekteur en dy sil syn bêst dwaan om in stazjêre te krijen. Ek oars heakket it. Sa is oangeande de foarderingen fan de 'Stichting Kaatsmuseum' noch hieltiten net folle te melden: it sykjen om in nije lokaasje falt ôf. It museum kriget boppedat te meitsjen mei in besuniging fan it Bûn en sil it yn de takomst mei noch minder jild dwaan moatte.

Ta beslút: ús tank giet út nei al dy minsken en ferienings dy't prizen en boeken en oar guod skonken of yn brûklien jûn ha. En fansels nei ús frijwilligers en alle oaren dy't ús holpen ha.

*Rinske Wiersma-Oosterdijk*



*Ein desimber 2008 naam Rinske Wiersma ôfskie fan it bestjoer fan it Keatsmuseum. Hja wie bestjoerslid fan ôf 2001. Dêrnjonken wie sy yn Stiens ek jierren oanien aktyf foar KF De Boer. Bûnsfoarsitter Piersma oerlance har it ynsynje ta lid fan fertsjinste. Op de foto betanket Theo Kuipers har út namme fan 'De Freonen' foar alles wat sy foar it museum dien hat. Foto: Jan Seerden.*

# In keats te fier (2003)

Ik stelde, doe 't Fligenier en Brandweerautobaas ôffoelen, foar 't Grutte Spul mei Wurdum-Wommels-Frjentsjer.

Yn Wurdum, troch de wâl fan wetterwylgen om 't hôf fan 'e pastorijetún hinne, bekipte Rinse Brink temûk it keatsfjild. Nettsjinsteande it hofkesjongen woe er my grif syn segen noch wol jaan. De keunst soe 'k ôfsjen fan Douwe Hilarides en Johannes Duhoux. Sjoen haw ik, mar mei de keunst ... en ek de segen ...

Wommels ha 'k noch helle, mei Frâns en Henky. Frâns foar bêst op en efteryn, Henky foar minst en foaryn. Ien omloop op 'e Terp, it Sjúkelân net mear te beslaan.

Mar de ballen fan it libben dy't op my ôfkamen ha 'k altyd besocht mei fjoer en faasje te kearen

*Meindert Bylma*

# Keatskronyk 2008

**Bûtensteanders dy't it keatsen op in ôfstân folgje, moatte it ôfrûne jier wolris mei de holle skodde ha. Hja kinne mooglik tocht ha dat de siswize: 'Wa't keatst, kin de bal ferwachtsje' allinnich in figuerlike betsjutting hat. Want it like der betiden op dat it keatsen mear bestie út praten oer it spultsje as út it sels dwaan of út it derfan genietsjen. Wat barde der no einliks allegear dat it sa fier komme koe?**

**Pasifikaasje én ûnienichheid**

Neat wiisde der oan de foarjûn fan it nije keatsseizoen op dat der sa'n protte reboelje komme soe. Yn stilte en mei positive yntinsjes wurken Jan Braaksma en KNKB-foarsitter Theunis Piersma yn it winterskoft oan it oplossen fan de fersteurde ferhâldings dy't der sûnt 2006 tusken harren bestienen (Sjoch de Keatskronyk fan 2006). Op 10 april kamen sy nei bûten mei in parseberjocht dat hoop joech op in bettere relaasje tusken beide partijen en sels de doar iepensette foar mooglike gearwurking.

Dy pasifikaasje duorre mar koart. Mids juny kaam Braaksma nei bûten mei de beskuldiging dat de webmaster fan de KNKB ûnder in skûlnamme persoanlike oanfallen op him en syn meiwurkers dien hie. Der kaam gjin offisjele reaksje fan it bûn en de affêre rekke yn de doofpôt, mar dy hat sûnder mis ferlamjend wurke op it yn gong setten fan normalisearjende ferhâldings.

Doe't der ein septimber op de webside fan Braaksma gelegenheid jûn waard oan Gerrit Lettinga om in fûleindige en polemisearjende diskusje op gong te

bringen oer it nije beliedsplan, wienen de rapen gear. Foar- en tsjinstanners bestrieden elkoar net allinnich mei arguminten, mar ek mei emosjonele uteringen, dêr't yn guon gefallen in reade kaart foar op syn plak west hie. De diskusje gie yn de kearn oer it belibjen fan it keatsen. En dat belibjen hie wer alles te krijen mei mear of minder tuskenspul, it al of net uterje meien fan emoasjes troch de keatsers en it ôfnimmende tal taskôgers.

'Om een goede discussie te bewerkstelligen' stjoerde it haadbestjoer yn de wike foar de jiergearkomste op 30 novimber noch in ekstra digitale nijsbrief nei syn achterban. It sette yn dy nijsbrief nochris koart syn punten útien en wiisde de styl fan diskusjearyn op de webside fan Braaksma ôf. Op de jiergearkomste krige foarsitter Piersma it fertrouwen fan de ôfdielings, mar as er dêrmei ek de ienriedichheid yn de keatswrâld werombrocht hat, moat de takomst útwize.

**Memorabel ôfskie**

Der binne net in protte keatsers, sels net in protte sporters, dy't sizze kinne dat der by harren ôfskie in film en in boek ferskynd is. Dat kaam Chris Wassenaar, "de reade reus fan Minnertsgea", oer. Oer komme, want Chris wie net it soarte keatser dat út himsels de publisiteit socht (mar as it moast der ek net foarwei rûn). Dêrmei soe de Fryske Parsepriis 2008 him ek net misstien ha.

Chris hie him syn ôfskie op it grutte poadium fan de PC yn Frjentsjer fansels al wat oars foarsteld. Hy

rekke der yn de heale finale ôf en waard ferslein troch it jonge talint Gert Anne van den Bos. En dat hie ek wol wat bysûnders. Want dyselde Van den Bos hat it yn him om as opslagger in weardige opfolger fan Chris te wurden.

Nêst Chris (3x PC-winst) namen ek Auke van der Graaf (4x PC-winst), Simon Minnesma (1x PC-winst), Klaas Berkepas (1x PC-winst), Tjitte Bonnema (dit jier mei in twadde priis tichtby syn earste PC-oerwinning) en Sibbele Lootsma ôfskie fan it keatsen op it heechste nivo.

By al dy kanjers út de haadklasse foel it ôfskie fan Gejanne Buma wat yn it skaad. En dat wie net terjochte, want Gejanne naam ôfskie mei mar leafst njoggen PC-oerwinnings en 683 punten yn it ivich klassemint. Dêrmei stiet se op it twadde plak, fuort ûnder Afke Hylkema, dêr't se tolve jier mei keatste. It iennichste flekje op har karriêre is it ûntbrekken fan it keninginneskip op de Frouljus-PC. Dat hat lykwols mear te krijen mei in tekoart oan ynsjoch fan de keninginneskip as mei de kwaliteiten fan dizze alderbêste opslagger dy't der ea by de froulju west hat. Sels yn har lêste seizoen wûn sy mei oermacht it jierklassemint. Se hie mei 59 punten tsien punten foarsprong op Afke Hylkema, dy't as twadde einige.

**Jannewaris**

**25.** De Ljouwerter Krante komt mei de krantekop: 'Einde bondspartij in Franeker dreigt'. De gemeente Frjentsjer wol in twatal gersfjilden op it sportkompleks oan de Hertog van Saxenlaan

feroarje yn fjilden mei keunstgers.

26. De Stichting Score, dy't har op kommersjele basis dwaande hâldt mei it keatsen, hat yn de persoan fan Maaike de Haan-Schots no ek in mental coach ta har beskikking.
27. Seleksjewedstriden foar it muorrekeatsen yn sporthal De Trije yn Frjentsjer. Yn totaal dogge der sa'n 70 keatsers mei, ferdield oer seis kategoryen.
30. Rein van der Geest, dy't as frijwilliger ûnder oaren aktyf is yn it Keatsmuseum en by keatsferiening Het Plein yn Ljouwert, kriget it bûnsynsynje.

#### Febrewaris

6. Ald-PC-winner Coos Veltman stiet yn syn wenplak Hommerts-De Jutryp oan de basis fan de nij oprjochte keatsferiening KV De Boppeslach.
18. De PC makket bekend dat Joop van der Veen út Frjentsjer mei yngong fan 1 april 2008 diel útmeitsje sil fan har bestjoer.
22. De gemeente Menameradiel jout op fersyk fan de sealkeatsers de wite binnenmuorren fan de Roelingahal in donker kleurke. De besteande spierwite ferve joech in protte lêst by it sicht op de bal en guon keatsers kamen om dy reden net mear.

#### Maart

1. Gejanne Buma makket bekend dat sy oan de ein fan it seizoen ophâlde sil mei keatsen op it heechste nivo.
8. Jelle Visser kriget foar al syn keatsfertsjinsten foar de FBA it bûnsynsynje. Visser wie 29 jier ponghâl-

der fan de FBA en organisearret al 37 jier it sealkeatsen yn Wieringerwerf.

- 8 en 9. Europeesk Jeugdkampioenskip muorrekeatsen yn Sporthal De Trije yn Frjentsjer. Nêst de Fryske dielname dogge der teams út Itaalje, Spanje, Frankryk en België mei. Der is in sulveren medalje foar Oane Veldman en Tsjisse Steenstra by de jonges ûnder de 16. Yn de kombinearre kategory jonges en famkes ûnder de 13 helje Pieter van der Schoot en Franke Jongboom goud.
10. Ald-haadklassekeatser Marten van der Leest út Stiens ferstjerret yn de âldens fan 84 jier. Hy wûn trije kear de PC, yn 1948, 1950 en 1956, wêrfan't er de earste twa kear boppedat útroppen waard ta kening. Hy behelle yn totaal 344 punten.
21. Eibert van Popta leit nei 15 jier de foarsittershammer del fan Keatsferiening Jan Reitsma út Penjum. KNKB-foarsitter Piersma spjeldet him it bûnsynsynje op.
27. Hendrik van der Schaaf út Bitgummole kriget út hannen fan bûnsfoarsitter Piersma it bûnsynsynje. Van der Schaaf hat 25 jier bestjoerslid west fan OKK.
28. De KNKB presintearret op syn jiergearkomste de kontoeren fan it beliedsplan 2009 – 2013. Der wurdt ynset op it ferbetterjen fan de eigen organisaasje, it befoarderjen fan gâns mear besikers by haadklassewedstriden en in fikse groei yn it oantal leden. Emile Vogels nimt ôfskie as haadbestjoerder fan de KNKB en wurdt útroppen ta earelid.

#### April

3. Flip Soolsma, berne en opgroeid yn St. Anne, mar wenjend yn Akkrum, komt hommels te ferstjerren. Hy wie winner fan de PC yn 1974, 1979 en 1980, wylst er yn 1975 foar Drachten de bûnspartij meiwûn. Yn totaal behelle er 478 punten. Nei syn aktive perioade as keatser makke er him in tal jierren fertsjinstlik as foarsitter fan de technyske kommisje.
10. Kombinearre parseberjocht fan Jan Braaksma en KNKB-foarsitter Piersma, wêryn't sy oanjouwe dat sy 'in alle stilte gewerkt [hebben] aan de normalisering van de onderling verstoorde verhoudingen.' Dat hie alles te krijen mei de brek begjin 2006 tusken de KNKB en Braaksma, yn syn kwaliteit as haadredakteur fan de *Wis-In* en behearder fan de KNKB-webside.
11. Presintaasje fan de nije shirts fan de KNKB yn it haadkantoar fan de Friesland Bank yn Ljouwert.
16. Ta gelegenheid fan de iepening fan in nij kantoar fan de Friesland Bank yn Amsterdam jouwe de PC-finalisten fan 2007 in demonstraasjepartij op it Museumplein yn de haadstêd.
21. Willem Hiemstra fan St. Anne wurdt foar al syn fertsjinsten foar de keatserij huldige mei it bûnsynsynje. Sûnder syn oare wurksumheden te koart te dwaan, neame wy hjirre spesjaal it feit dat Willem fan de oprjochting ôf yn 1992 skriuwer west hat fan de Freonen fan it Keatsmuseum.
25. Sawol Piet van Assen, masseur by de KNKB, as Jaap Jilderda, âld-foarsitter fan KF Pim Mulier

út Wytmarsum, krije in keninklik ûnderskieding: se wurde beneamd ta 'lid in de orde van Oranje Nassau'.

26. Presintaasje yn De Trije fan de mobile keatsmuorre, makke troch metaalbewurkingsbedriuw Bakker út Winsum. Ek yn De Trije de presintaasje troch Abe de Vries fan Jan Durks van der Mei syn *Keningen fan no en eartiids. Diel I*.
30. De keninklike famylje besiket Fryslân. Hja wurdt it wolkom taroppen troch boargemaster Piersma fan Wûnzeradiel, dy't fansels as foarsitter fan de KNKB ek wiis is mei de keatspromoasje op it Sjûkelân yn Frjentsjer. Dêr krigen sawol prinses Maxima as in tal prinsen de gelegenheid om de har tagoaide keatsballen fuort te slaan.

#### Maaie

10. It NK junioaren is de earste keatswedstriid dy't hielendal rjochtstreeks útstjoerd wurdt fia it ynternet. Der wienen dizze earste dei 887 belangstellenden en twa dagen letter by it NK senioaren sels 2456. De reaksjes út binnen- en bûtenlân wienen oer it algemien tige posityf.
17. Foppe de Vries, foarsitter fan keatsferiening Bûtenpost, wurdt beneamd ta 'lid in de orde van Oranje Nassau'.

#### Juny

5. Rynk Bosma presintearret yn Andringastate (Marsum) syn boek *De vier van Wierens. Kaatsen in*



It Sjûkelân krige op 30 april keninklike besite. Keatskeninginne Afke Hylkema smyt de prinsen in balsje ta. Foto: Gert Gort

#### Friesland 1960 – 1990.

15. Jan Braaksma makket bekend dat der ûnder de skûlnamme Johannes de Vries ferskate kearen krityske berjochten oer him en syn kolumnisten pleatst binne yn it gasteboek op syn webside. Braaksma hat ûndersyk dien en meldt dat de berjochten ferstjoerd binne fanôf de laptop fan de KNKB-webmaster. Neffens de bruorren Miedema, dy't de KNKB webside beheare, binne sy it slachtoffer fan kompjûterybraak.
20. Keatsferiening 'Meiannoar Ien' út Koarnwert fiert

har 50-jierrich bestean mei de útjefte fan in jubileumboek, reüny en fansels in resepsje.

21. Keatsferiening 'De Earrebarre' út Den Haach organisearret foar de tredde kear it 'Schevenings Beachkaatsen'.
- July**
2. Ald-boargemaster Chris Arlman fan Harns, ynspirator fan de Ouwe Seunen-partij, kriget ûnder de keatspartij yn Harns in hertoanfâl. Nettsjinsteande reanimaasje komt er dyselde jûn yn it MCL yn



Hotze Schuil kriget út hannen fan boargemaster Chris Arlman in oantinken foar syn útferkiezing ta Harnzer sportman fan de ieu. Teater Trebol yn Harns 15-12-2000. Foto: Gert Gort.

Ljouwert te ferstjerren. Arlman wie 64 jier.

5. Easterein is de earste winner fan de offisjele KNKB Peloate-kompetysje. It team fan Wjelsryp wurdt twadde en Grou einiget as tredde.

13. Afke Hylkema kriget yn Huzum de keninginnepriis tawiisd. It is in publisiteitsstunt fan Huzum om't it har 50ste kear wurde soe. Letter waard dit troch de KNKB weromdraaid, om't de wedstriid net oankundige wie mei in keninginneskip. Wat wol yn de boeken stean bleau, wie it feit dat Afke Hylkema en Gejanna Buma hjirre tegearre harren

100ste oerwinning behellen.

18. Yn de nije plannen foar it Kameleondoarp yn Terherne wurdt ek in fierljepeskâns en in keatsfjild meinommen.

28. Under it lotsjen fan de PC wurdt *Wachtsje-PC* presintearre, in keatsboek fan Louis Paul Boon, Pieter Breuker, Ernst Bruinsma, Douwe Huitema, Rudmer van Hulzen en Baukje Wytsma.

#### Augustus

3. Martha Wieringa, ôfkomstich fan Beard, ferstjert

op 73-jierrige leeftiid. Hja makke foaral namme as reedrydster op de koarte baan. Twaris waard sy nasjonaal kampioene en hja stie by alle 26 wedstriden yn 1956 op it poadium, wêrfan 24 kear as earste en twa kear as tredde. Hja stie ek mei oan de basis fan it frouljuskeatsen en wie yn de jierren sechstich aktyf yn wedstriden bûten it eigen doarp.

24. Skiedsrjochter Harm Kooistra út Berltsum makket bekend dat er der nei achttjin jier mei ophâldt. Hichtepunt yn syn karriêre wie it lieden fan de PC yn 2007.

Twa dagen earder liede Lieuwe Brandsma fan Seisbierrum op de dameshaadklassepartij syn lêste wedstriid. Om't er no 60 jier waard, moast er dermei ophâlde. Hy wie 21 jier skiedsrjochter en liede de PC yn 2005.

31. Proef mei giele perklinen by de dameshaadklasse yn Makkum.

#### Septimber

7. Harmen Wierda, haadbestjoerslid fan de KNKB fan 1955 – 1971, ferstjert op 100-jierrige leeftiid.

20. Jelle Bangma presintearret yn Minnertsgea syn boek: *In keatser fan formaat*. Chris Wassenaar, de grutte fan Minnertsgea.

21. Op de Aldehoupartij nimme mar leafst seis hearenhaadklassers ôfskie fan it keatsen op it heechste nivo. It binne Simon Minnesma, Auke van der Graaf, Chris Wassenaar, Tjitte Bonnema, Klaas Berkepas en Sibbele Lootsma, mei-inoar

goed foar njoggen kear winst op de PC. By de froulju hinget Gejanne Buma de keatsmof yn de wylgen. Hja wie allinnich al goed foar njoggen PC-oerwinnings en mar leafst 683 punten.

28. Gerrit Lettinga fan Menaam start op [www.kaatsen.nl](http://www.kaatsen.nl) in krityske en polemisearjende diskusje oer it nije beliedsplan fan de KNKB. Der folge in skerpe diskusje tusken foar- en tsjinstanners fan syn ideeën. De KNKB fielt him ein novimber needsake om foar de jiergearkomste op 30 novimber yn in digitale brief oan de ferienings har plannen nochris ta te ljochtsjen.



Gejanne Buma sa't wy har koenen. Foto: Gert Gort.

#### Oktober

1. Offisjele presintaasje fan it beliedsplan 2009 – 2013 mei as titel: *Denken, Besluiten, Doen!* Tjeerd Dijkstra fan Easterein en Sietze Groustra fan Dronryp wurde foardroegen as nij haadbestjoerslid.

10. Anne Roelof Bruinsma fan Ljouwert ferstjert. Hy wie fan 1970 oant en mei 1982 sekretaris fan de technyske kommisje.

12. De Fryske ploech dy't ûnder lieding fan Pieter Tienstra yn Equador meidie oan in tal ynternasjonale keatsfarianten, behelle yn it llargues de titel.

De ploech, dy't bestie út Marten Hiemstra, Marten Feenstra, Johan van der Meulen, Robert Rinia, Ale Jan Anema, Johannes Boersma, Pier Piersma en Michel van der Veen mei har no wrâldkampioen neame.

#### Novimber

1. Yn it novimbernûmer fan it *Volkscultuur Magazine* stiet in oersjoch fan de wichtichste tradysjes yn Nederlân. It keatsen komt op plak 66, krekt efter de frijgesellejûn en fjirtjin plakken efter de alvestêdetocht, mar lokkich noch foar it kloatsjitten op plak 72 en it beugeljen op 81. Sinteklaas stiet mei stip op ien!

9. Op it Frysk filmfestival wurdt de film *Keatshert* fan de Amsterdamske sineast Willem Wits presintearre. It is in film oer it partoer Rutmer van der Meer en de bruorren Chris en Jacob Wassenaar. De film besiket in byld te jaan fan de ynfloed fan it keatsen op harren deistich bestean.

30. De KNKB kriget in grutte mearheid fan de ferienings efter har beliedsplan foar de perioade oant en mei 2013. De groep 'verontruste kaatsliefhebbers' kriget net genôch ôfdielings mei yn it ôfkeuren fan de KNKB-plannen.

#### Desimber

3. Deputearre Anita Andriesen ferstjert op 51-jierrige leeftiid. As deputearre wurdt sy troch de Ljouwerter Krante typearre as 'Mem fan Fryslân'. Yn dy hoedanichheid hat sy har ek fertsjinstlik

makke foar it keatsen, yn it bysûnder foar de Jong Famme-Partij yn Mantgum.

8. De kommersjele keatsploech Stichting Score makket bekend dat sy yn 2009 begjint mei in opliedingsynstitút foar jeugdkeatsers. Op termyn wol sy ûnderdak biede oan sa'n 150 jeugdkeatsers(sters).

15. Rinske Wiersma nimt ôfskie as foarsitter fan it museumbestjoer. Hja kriget út hannen fan bûnsfoarsitter Theunis Piersma it ynsynje as lid fan fertsjinste.

27. René Blom en Age Sikma organisearje yn de grutte hal fan it WTC EXPO yn Ljouwert de earste binnendoar-strjittekeatspartij.

*Theo Kuipers*

#### **Klassemintswinners 2008**

Hearen haadklasse	Chris Wassenaar (Minnertsgea)
Hearen earsteklasse	Gerben Hein Wytsma (Ljussens)
Hearen junioaren	Dennis Wijnjeterp (Doanjum)
Hearen 30+	Nanning Seepma (Easterwierrum)
Hearen 50+	Bouwe van der Veer (Winsum)
Dames haadklasse	Gejanne Buma (Boalsert)
Dames earsteklasse	Froukje de Vries (Nijmegen/Tsjom)
Jonges	Jouke Bosje (Baaium)
Famkes	Lisette Wagenaar (St. Anne)
Skoaljonges	Kevin Jaarsma (Achlum)
Skoalfamkes	Geke de Boer (Wergera)
Pupillen jonges	Patrick Nauta (Berltsum)
Pupillen famkes	Pytrik Visser (Seisbierrum)
Welpen jonges	Kevin Jordi Hiemstra (Stiens)
Welpen Famkes	Sjanet Wynia (Wommels)